

yn myn eigen lytse keamer	Gm	Cm
wenje ik yn myn eigenmakke lytse wrâld	Gm	Cm
fol mei myn eigen lytse dingen	Gm	Cm
fol mei alles dêr't ik sa fan hâld	F7	Cm

it bin myn eigen sûvenierkes
al dy snypsnaren yn myn eigen âlde kast
ik haw alle kearen de plesierkes
as ik tink oan it ferhaal dat der by past

ik kin der oeren oer fertelle
mar ik krij dêrfoar mar amper mear de kâns
ik soe graach dy ferhalen ris fertelle
mar der komt hjir noait in minske lâns

yn myn eigen lytse keamer
sit ik finzen yn myn eigen lytse wrâld
mei myn eigen lytse dingen
wurdt ik stadichwei mar griis en âld

ik ha myn eigen lytse keamer
kreas oan kant, der leit gjin plúske oer de grûn
foar as ik aansen dea op bêd bliuw
oer in dei as tsien wurdt ik wol fûn